


Skikky



Dizze Skikky is fan: _____






Dyn eigen museum

Yn in museum wurdt fan alles sammele. Soms is dat keunst. Mar dat hoecht fansels net. Der binne ek musea dy't natoer, skiednis, boartersguod of technyk as ûnderwerp ha. Kinst thús of yn 'e klasse ek maklik in museum meitsje. In protte bern ha in hobby. Se boartsje

mei Lego of Barbies. Se lêze graach stripboeken of sammelje postsegels. Se kinne moai tekenje, skriuwe ferhaaltsjes of binne goed yn sport. Asto dyn hobby oan oaren sjen litst, bist al in ein op wei mei dyn museum.

Opdracht:

Tekenje in poster fan dyn eigen museum. Wêr stiet dyn museum? Wat is der yn dyn museum te sjen? Wannear is dyn museum iepen? Troch dyn moaie poster komme der grif in protte minsken nei dyn museum.





Skilderje

As in keunstskilder oan in skilderij begjint, kiest hy earst in ûnderwerp. Dat kin in portret, in lânskip, in stilleven of in abstrakt skilderij wêze. Op in portret steane minsken of bisten. Faak komme de minsken earst by de skilder te posearjen. De skilder makket dan in pear sketsen fan it ûnderwerp. Soms makket er foto's. Letter brûkt er de sketsen en de foto's foar it meitsjen fan it skilderij. In lânskip is in skilderij dat bûten yn de natuer makke is. In paadsje troch de bosk of in fjild mei blommen binne moai

om te skilderjen. Ek hâlde in protte minsken fan in skilderij fan boaten op see.

Op in stilleven steane faak foarwerpen út 'e hûs. De skilder set se moai del op in taffeltsje en skilderet se nei. Foaral glês is net sa maklik om te skilderjen.

In abstrakt skilderij kin fan alles wêze. Soms kinst net iens sjen wat it is. De skilder hat mei kleuren en foarmen boarte en sa in moai skilderij makke. Faak sit der yn abstrakte keunst werhelling en of tsjinstellings.

Minsken fine net alle skilderijen like moai. De iene hâldt fan in moai lânskip, de oare kiest foar abstrakt. Smaken ferskille.



Opdracht 1.

Wat sjochst op it skilderij. Set de wurden yn de goede kolom.

Kies út: beammen, faas, famylje, kleuren, foarmen, kears, jonkje, sleat, doarpke, húsdier, flesse, ritme, famke, brêge, fruit en kontrast.

Portret	Lânskip	Stilleven	Abstrakt
1 _____	1 _____	1 _____	1 _____
2 _____	2 _____	2 _____	2 _____
3 _____	3 _____	3 _____	3 _____
4 _____	4 _____	4 _____	4 _____




It nije hûs

De heit fan Daan en Marike hat nij wurk krigen. It is yn in oare provinsje. Dêrom sille se anst ferhúzje. Daan en Marike ha noch net by it nije hûs west. Se hawwe wol in pear foto's sjoen. Op skoalle fertelt Daan oan de klasse wat der op de foto's te sjen wie. 'Us nije hûs stiet yn in grutte tún. Oan 'e foarkant fan it hûs sitte twa ramen en in griene

doar. Op it dak stiet in skoarstien. It hûs hat reade pannen. Oan 'e rjochterkant fan it hûs stiet de garaazje, mar dy brûkt heit grif net. Hy lit de auto hast altyd bûten op it paad stean. Fierderop yn 'e tún stean twa grutte beammen. Oan ien fan de tûken hinget in skommel. Foar hûs is in lyts haachje. Yn 'e tún bloeie ek blomkes. Ik wol eins net ferhúzje, mar it nije hûs is wol moai...'

Opdracht 1.

Tekenje it nije hûs fan Daan en Marike. Wat Daan fertelt oan de klasse, moat op 'e tekening stean. Hoe 't it hûs der fierder útsjocht, meist sels betinke.





Opdracht 1.

Sykje it goede wurd.

Fan 'dom', 'kop' en 'lampe' kinst twa nije wurden meitsje. Domkop, dan bist net sa slim en koplampe. Dat is de grutte lampe fan in auto.

Skriuw de fiif wurden op it goede plak yn de middelste kolom. Ast it goed dochst en goed sjochst, ûntsteane links en rjochts tsien nije wurden.

Kies út: **klean, matte, izer, papier en bus**



teken _____	_____	_____ fabryk
kokos _____	_____	_____ klopper
sport _____	_____	_____ kast
sput _____	_____	_____ sjauffeur
tosty _____	_____	_____ tried

Opdracht 2.

Trochstreepkpuzel

W	E	T	T	E	R	K	E	G
L	L	E	Z	E	M	E	V	R
O	G	R	I	E	N	U	R	E
F	U	B	L	A	U	N	E	I
T	K	E	O	D	S	S	F	D
K	W	A	S	T	E	T	E	E
L	A	B	S	T	R	A	K	T
I	I	J	R	E	D	L	I	K
S	U	L	Â	N	S	K	I	P
T	W	Y	T	M	D	E	A	R



Abstrakt

Blau

Doek

Ezel

Ferve

Greide

Grien

Keunst

Kwaste

Lânskip

List

Loft

Read

Skilderij

Wetter

Wyt

Keunst kinst besjen yn in _____



Krúswurdpuzel

Yn de puzel sitte dizze wurden twa kear:

sifer, raket en **fink**. Kinsto se op it goede plak sette?

1		2		3
2				
3				

Yn dizze puzel sitte: **narje, teken** en **klier**.

1		2		3
2				
3				

Sudoku

Yn dizze sudoku brûkst de sifers 1 oant en mei 6.

Se sitte yn elke kolom, rigel en yn elk hok

		3		1	
6			3	4	
4	1				
			6		
	2				1

